PERSBERICHT

Nummer: 127 MV
Datum: 19 november 2024

Nieuwe subsidies voor gebiedsontwikkeling vanuit GLB

Vanaf eind dit jaar stelt de provincie Fryslân voor in totaal €10.480.000,- aan subsidies beschikbaar met als doel om landbouw te stimuleren waarin economie, boer en leefomgeving met elkaar worden verbonden. Met het geld uit het 2023-2027 programma van het Gemeenschappelijk Landbouw Beleid (GLB) kunnen initiatiefnemers van een samenwerkingsverband in oprichting en opstellers van een gebiedsplan integrale plannen maken en uitvoeren.

De eerste subsidie, Planvorming gebiedsontwikkeling Fryslân, kan aangevraagd worden van 2 december 2024 tot en met 1 april 2025 en heeft een budget van €480.000,-. Deze subsidie is bedoeld voor de voorbereidingskosten van het opzetten van gebiedsplannen en het organiseren van een samenwerkingsverband. Per aanvraag is het minimum subsidiebedrag €25.000,- en het maximum €40.000,-.

De tweede subsidie, Uitvoering gebiedsplan Fryslân, kan men aanvragen van 31 juli 2025 tot en met 30 januari 2026 en heeft een budget van €10 miljoen. Deze subsidie is bedoeld om gebiedsplannen daadwerkelijk uit te voeren. Per aanvraag is het minimum subsidiebedrag €600.000,- en het maximum €2,3 miljoen. Voor beide subsidies krijgen aanvragers de mogelijkheid om feedback te ontvangen op hun plannen.

Gedeputeerde Abel Kooistra: „*Wy wolle dêrmei soargje foar draachflak en maatskiplike stipe yn de oanbelangjende gebieten. De inisjativen drage by oan it ferbetterjen fan de libbensomjouwing, it sûner meitsjen fan de boaiem en it ferminderjen fan emisjes. Boppedat drage se by oan in sterkere en duorsumere lânbousektor, dy't yn dy gebieten wichtich is foar it behâld fan de sosjaal-ekonomyske funksje fan it plattelân.*”

Het aanvragen en beoordelen van de subsidies loopt via Samenwerkingsverband Noord-Nederland. Op de website van SNN is vanaf vandaag meer informatie met alle voorwaarden over de subsidies te vinden.

PARSEBERJOCHT

Provinsje Fryslân

Nûmer: 127 MV
Datum: 19 novimber 2024

Nije subsydzjes foar gebietsûntwikkeling út GLB wei

Fan ein dit jier ôf stelt de provinsje Fryslân foar yn totaal €10.480.000 oan subsydzjes beskikber mei as doel om lânbou te stimulearjen dêr't ekonomy, boer en libbensomjouwing mei-inoar yn ferbûn wurde. Mei it jild út it 2021-2027 programma fan it Mienskiplik Lânbou Belied (GLB) kinne inisjatyfnimmers fan in gearwurkingsferbân yn oprjochting en opstellers fan in gebietsplan yntegrale plannen meitsje en útfiere.

De earste subsydzje, Planvorming gebiedsontwikkeling Fryslân, kin oanfrege wurde fan 2 desimber 2024 oant en mei 1 april 2025 en hat in budzjet fan €480.000,-. Dizze subsydzje is bedoeld foar de tariedingskosten fan it opsetten fan gebietsplannen en it organisearjen fan in gearwurkingsferbân. Per oanfraach is it minimum subsydzjebedrach €25.000,- en it maksimum €40.000,-.

De twadde subsydzje, Uitvoering gebiedsplan Fryslân, kin men oanfreegje fan 31 july 2025 oant en mei 30 jannewaris 2026 en hat in budzjet fan €10 miljoen. Dizze subsydzje is bedoeld om gebietsplannen echt út te fieren. Per oanfraach is it minimum subsydzjebedrach €600.000,- en it maksimum €2,3 miljoen. Foar beide subsydzjes krije oanfregers de mooglikheid om feedback te ûntfangen op harren plannen.

Deputearre Abel Kooistra: „*Wy wolle dêrmei soargje foar draachflak en maatskiplike stipe yn de oanbelangjende gebieten. De inisjativen drage by oan it ferbetterjen fan de libbensomjouwing, it sûner meitsjen fan de boaiem en it ferminderjen fan emisjes. Boppedat drage se by oan in sterkere en duorsumere lânbousektor, dy't yn dy gebieten wichtich is foar it behâld fan de sosjaal-ekonomyske funksje fan it plattelân*."

It oanfreegjen en beoardieljen fan de subsydzjes rint fia Samenwerkingsverband Noord-Nederland. Op de webside fan SNN is fan hjoed ôf mear ynformaasje mei alle betingsten oer de subsydzjes te finen.